



De doarpsjungle

Tekst: Christine Bax

Oersetting: Sigrid Kingma

Immen hat in systeem útfûn om de iennichste flat yn it doarp fan binnenút ôf te brekken. Der komt in kloft manlju de flat yn. Se bliuwe oant let yn de nacht. Dan sette se ôf. Ik ha heard wat se dogge. Se helje de doarren fuort, de flierren en de rest. Se fertarje de flat fan binnenút, lykas in deade foks yn it midden fan in greide fertarre wurdt troch maitsen en ynsekten. Troch mûzen. Doe't ik de foks fûn like der neat te rêden. Syn pels gloeide noch; goud op read. It wie in lette simmerjûn. Ik wie in stikje te kuijerjen, want der wie in barbekjû yn it doarp en ik hie tefolle iten. Ik woe allinnich wêze. Ik rûn it lân yn en ik fûn de foks. Ik tocht dat ik in sliepende foks fûn hie, in tamme foks. De sinne ferdwûn al hast efter de beammen. It swit wie my opdroege op 'e hûd. Ik rûkte nei sinne, nei fjoer en fleis. De foks waard net wekker. Ik tilde him op. It each foel út de foks en út it gat fan it each foel in stream fan yngewannen, en doe't dat allegear út de foks fallen wie, wie de foks leech. Ik liet him fan skrik falle, en de huls fan de foks bruts yn it gers.

Op dy manier waard it ienichste flatgebou yn it doarp ôfbrutsen. It wie in grap, dat flatgebou. In minne grap, fan in min persoan sûnder humor. In blokje yn it lânskip dêr't elkenien yn de wide omkriten it doarp troch sjen koe. Gjinn normaal minske soe der wenje wolle, wat derfoar soarge dat de flat binnen de koartste kearen fol siet mei rapalje dat der neat te sykjen hie. 'Messelûkers', flústeren de doarpelingen tsjin mekoar, 'illegale moardners. Anargisten. Krakelings...'

De doarpsstrjitte is in lange heuvel dy't nei ûnderen rint. Alle oare heuvels gloaie, mar dizze heuvel is steil. ûnder oan de doarpsstrjitte steane de huzen. Yn alle hûzen steane efter it foarkeamersrút twa planten, of wat beeldsjes; alles yn in symmetry dy't troch nimmen ôfpmaat is, mar wol soarchfuldich trochfierd is. It skema fan de dei rint ek neffens in routine dy't by elkenien itselde is. Op snein doch ik neat. Ik lis yn myn keamer en sjoch nei it plafond. De snein bestiet út wachtsje oant de snein foarby is. Om de tunen steane houten skuttings, dêr't de buorlju oerhinne lynje om tsjin mekoar te praten.

Gjinn doarp is isolearre. In doarp dat it wol is, libbet net lang. Foar't it flatgebou plante waard, lykas hie in reuseftige hân it delsetten doe't efkes nimmen seach, wie elkenien dwaande mei wat der bûten it doarp wie. De jongerein koe net wachtsje om fuort te gean, de folwoeksenen woenen allinnich mar noch gruttere auto's oanskaffe. Wie der in ûnsichtber koard om it doarp spand, dat rikte oant de lêste pleats, dy fan Jan. Waarden by alle bern dy't de koffers pakt hienen, mei as doel om nea werom te kommen, de bussen op riedseleftige manier stilsetten? Oeren hienen se dêr stien te wachtsjen, en alle oeren kaam de bus net, en úteinlik teagen se mar wer nei hûs. Myn skouders dienen sear ûnder

de riemen fan myn rêchtas. Se snienen yn my. Myn koffer tôge ik efter my oan oer de stiennen. Ik hie it gefoel dat elkenien nei ús stoarre troch de healsletten gerdinen.

In buorman wurke yn de tún en stoareage nei ús. We fergeaten him te groetsjen. Yn syn grientetún sette er blikjes goedkeap bier, om de slakken te ferdylgjen. De slakken kamen ôf op it bier, en kamen fêst te sitten yn it blikje, en dan fersûpten se.

De buorman goaide alle dagen de slimerige blikjes leech yn de griene bak.

De minsken yn it flatgebou moasten en soenen in iiskokarre begjinne. Twa kear deis snijt de bel as in knyft troch de tsjokke lucht.

Nimmen keapet iis. Se hâlde fol.

De minsken yn it doarp beare dat se trochgeane mei wêr't se altyd mei dwaande wienen.

Yn it buerthûs spylje films. Yn it skuorke wurdt alle simmers in tuorke boud fan kratten.

Sels fan't simmer.

In geit oan in toutsje fret uforûntsjes út it hege gers yn de berm.

Yn in efortún gilt Lisenka.

Yn de efortunen rikje de barbekjûs.

Len radio echoot tsjin it hûs oan de oare kant, dêr't by eltse toan in lûde 'Klap!' wei klinkt.

Is it de iiskarre dêr't alles oars troch liket?

Der wurdt net mear rabbe.

Tegearre mei Lisenka sit ik yn it steechje tusken it buerthûs en de buertwinkel, mei us rêch tsjin in kontener. Har suske hat in pear moannen lyn in poppe krigen. It bern is gjin jonkje, en ek gjin famke. 'Se witte noch net wat se dwaan sille,' seit Lisenka. 'plakke of knippe.'

Se stekt in peuk op. De iisbel klinkt.

De sinne stiet presys sa, dat der gjin skaad yn it steechje is, en it is der bloedhyt. Op har lippe groeie switdrippen. It swit dript fan myn oksel yn myn himd. Dochs bliuwe we. Dit is it ienichste plak dêr't we stikem smoke kinne. Us sigaret rûkt oars, en priuwt oars, om't it sa waarm is.

Jan is de buorman dy't yn it lêste hûs fan it doarp wennet. Alle dagen goait er in bierblik fan in heale liter leech yn syn jisketonne.

'Kinne se it net better sa litte, mei dat bern?' freegje ik oan Lisenka.

Se rôlet mei de eagn, en goait de peuk op de grûn. Mei in klodder flibe tusken har fingers drukt se him út. Har fingers feit se ôf oan har koarte broek.

De jonge fan de iiskarre bellet noch mar ris. Hy sjocht ús net.

'Ik soe it oan dy dêr meijaan,' seit Lisenka. Se wiist nei de jonge. Ik hâld myn finger foar myn lippen.

Se kin mar better stil wêze, oars heart er ús, en dan komt er nei ús ta om ús iis oan te smarren. Ik flústerje tsjin har: 'Ik ha noch nea mei dy dêr praat...'

Ik freegje: 'Is it slim as it bern net mear by jim is?'

Se seit: 'Ik wit it net. We soenen Jan freegje kinne oft er it bern ferdrinke wol, lykas datst jonge kitten ferdrinkst. Ik leau net dat hy der muoite mei ha soe.'

Se komt oerein, en klapt it deksel fan de kontener iepen. De jonge mei de iiskarre draait de holle om sadree't er it deksel heart, en begjint ús kant op te rinnen.

Lisenka klimt op de kontener. Mei har búk hinget se oer de râne. Har skonken balansearje oan de bûtenkant. Twa ûnwillige, tinne stâlen. Mei har earm graait se yn de kontener. Se hallet in hân fol slakken nei boppe.

'Jonge lullen!' ropt se. 'In hiele hân fol dronken jonge lullen!'

De iiskarre is ticht by it steechje. Ik klei: 'It is hjir sa waarm...'

Gretich komt de jonge op ús ôf.

It is frjemd dat soks tydliks as in flatgebou de sfear fan ús doarp bepaalt. Wy wienen hjir earst, en sy sille hjir nei alle gedachten net hiel lang bliuwe.

Lisenka seit it tsjin him, as se jim de slakken yn de hân triuwt: 'Do bliuwts hjir nei alle gedachten net hiel lang, lul.'

Syn eagen spraak er wiid iepen. Hy is langer as wy binne, en hy is âlder as wy binne, en dochts docht er syn bêst om de slakken net falle te litten. Hy tinkt dat se him úttest. Dat der wat barre sil wannear't er de slakken falle lit, en dat er net witte wol wat der dan barre soe.

Lisenka faget mei har hannen by har broek del.

Sadree't er ús iis jûn hat, rint er gau fuort.

Ik gebaar nei har. Wat dogge we?

Sy seit: 'We geane net efter him oan. It komt wol goed.'

Se pakt har oanstekker, en besiket in nije sigaret op te stekken. Se klikt de oanstekker, earst stadich, en dêrnei hieltyd flugger. Hy docht it net. 'Godfer...' seit se. Se hâldt de hân om de oanstekker, mar der is gjin wyn. Uteinlik stoppet se de sigaret werom yn it pakje.

Se seit: 'Ik sil nei hûs.' Se rint fuort sûnder om te sjen. Ik rin har nei.

Yn myn noastergatten dringt de lucht fan spiritus en reek. It is feest yn it doarp jûn.

It doarpsfeest duorret in wike. It is midden yn de simmer, sadat minsken harren fakânsje deromhinne plenne kinne. Elkenien is der. Yn de midden fan it doarp wurdt in gigantyske tafel boud, mei oan de útein in barbekjû. Dat dêr no it flatgebou stiet, makket neat út. De barbekjû stiet fyftich meter fierderop. Dêr is de dyk dy't dwêrstroch it doarp rint, en dêr't no gjin auto's ride meie. De tafel stiet midden op 'e dyk. De bern plukke blommen en de froulju bakke taarten, en de mannen binne oan warber mei koallen en fleis. It gehiel liket op in piknik út in film, mar dan sûnder kostuums.

De suster fan Lisenka is der ek. Ik ha har al hiel lang net sjoen. Ik glimkje nei har, mar se sjocht de oare kant út. De poppe is der net. Slipt it, of hawwe se it al oan Jan jûn?

De minsken yn it flatgebou binne faaks wol opholden mei harren ynboargering, want se ferkeapje gjin iis mei de iterij. Se komme net nei bûten.

'Binne se der eins noch wol?' freegje ik oan in frou. Se triuwt my in steapel boarden yn de hân, dy't ik ferdiele moat oer de tafel. By alle stuollen moat in board. In pear stuollen fan my ôf sit Jan. Ik besjocht syn profyl. Hy had deselde noas as in soad minsken yn it doarp, en deselde hâlding en lichemsbou. As hie immen trije grutte stiennen op mekoar steapele, hat er besletten dat dit in minske wêze moast.

Hy sit mei de fuotten wiid en hy drinkt in blikje bier.

Ik sis: 'Oan de kant, it is noch net begûn.'

Hy sjocht my freegjend oan, en giet net oan de kant. It is dochs al heal begûn?

De bern rinne efter mekoar oan, of se skroeie marshmallows boppe de barbekjû. De froulju rinne rûn as wie it in wedstryd om skientme. Se hawwe in spesjale trêd as it doarpsfeest is, allegear, jong en âld. De frou fan Jan rint hinne en wer nei de barbekjû, om te sjen oft alles goed giet en oft de mannen by de barbekjû noch bier hawwe. Se rint op sandalen mei tinne hege hakken, en om't se op gers rint, wibelje by eltse stap har heupen hinne en wer. Har broekje is sa koart datst de ûnderkant fan har billen sjen kinst. Op de barbekjû lizze stokjes mei fleis deroan. Jan sjocht my noch hieltyd oan. Syn mûle hinget in bytsje iepen. 'It is noch net begûn!' Snau ik. Ik triuw him oan de kant, en hy wankelet en falt. Ik wachtsje net oant er himsels yn syn stoel weromhyst, mar ik sjoch oer de hollen fan de minskemassa.

Yn de fierte sjoch ik Lisenka. Ik kom nei har ta: 'Sille we fuort?' en se knikt.

We kuijerje by in auto del. In buorman dy't op Jan liket hat de efterklep fan de auto iepenset. Yn de efterklep stiet in boks dy't er oanslút op in fersterker.

As we by de auto del binne, binne der gjin minsken mear. Hast elkenien is yn de midden fan it doarp. Wy rinne nei de râne fan it doarp. We sitte op de boppekant fan de helling, en we sjogge nei de greiden om ús hinne, en de hûzen, en it flatgebou.

Ferline jier hie it makliker west. Hast sûnder der oer nei te tinken hienen we ús koffers pakt, doe't it doarpsfeest hast ôfrûn wie. We wienen nei de bushalte rûn en dêr hienen we wachte. Oerenlang, oant we ús beseften dat de bussjauffeur nei alle gedachten earne laveleas yn in hoeke lei. It wachtsjen makke ús murf. Lisenka siet segrinich op har tas. Ik rûn konstant hinne en wer om te sjen oft de bus faaks *dochs* komme soe. We seiden net folle tsjin mekoar. We hienen beide in no-of-neagefoel en dêrom bleaunen we stean te wachtsjen. We wienen sa dwaande mei it wachtsjen dat we neat hearden en neat seagen, oand de suster fan Lisenka stadich nei ús ta kaam. Se gâlde net. Se seach derút as wie se gek wurden. Lisenka rûn nei har suster ta en pakte har by it gesicht. De suster skodde har de holle, en se skodde troch, as siet der in bist op har gesicht dat fuort moast. Ik pakte myn jas en lei dy oer de bleate skouders fan de suster. We brochten har thús. Lisenka en de suster rûnen foar my, en ik seach de suster lynjen op Lisenka. We setten de suster ûnder de dûs, en we brochten har op bêd. Se sliepte net, en wy sieten op de râne fan it bed.

Tinke we no beide werom oan ferline jier?

Ik sis tsjin Lisenka: 'Wêr binne de krakers ynienen bedarre?'

'Ik tink dat se harren eigen feestje bouwe,' seit Lisenka.

'Wêr dan?'

Se sjocht my minachtsjend oan. 'Woest der dan hinne?'

As ik myn eagen ticht doch, dan kin ik presys foar my sjen wat der no op de buertbarbekjû bart. Jan is al dronken en de oare mannen ek. De muzyk giet lûder. De earste jongerein is al nei de lannen tein, om dêr te neuken.

'Ik ha gjin nocht om by dy krakers te sjen. Wa wit wat se by d' ein hawwe...'

Se hawwe grutte brokken fleis op de barbekjû lein. Op it gers lizze plestik boardsjes. In bern leit yn it gers te sliepen. Immen hat it bern smynkt as in liuw. Oan de giele fegen op it gesicht kleve gerssprysjes. Under de ferve is it bern read ferbaarnd.

'As we net sjogge, dan komme we der ek net efter wat se dogge.' Sei ik.

Se makke gjin risselwaasje om fuort te gean, dat we bliuwe sitten op de top fan de heuvel. Ik dikerje foar my út. It is waarm, en de lannen binne giel wurden fan de droechte. Ik bin der wis fan dat dêr earne in bern sliept. As ik myn eagen ticht doch dan sjoch ik it foar my. Ik betink my hoe't ik sels yn it fers yn sliep foel, jier nei jier, en dan kâld wekker waard, wiet fan it pearelwiet. It duorre alle doarpsfeesten, oant ik grut genôch wie om sels nei hûs ta te rinnen.

'Wat sille we dwaan, jûn?' freget Lisenka.

'Wolst echt net by de krakers sjen?' freegje ik.

'Nee,' seit se. We kinne ek net nei ûnderen. We witte dat as we meidogge, dat we hjir nea wer weikomme sille. We bliuwe sitten op de heuvel. Alles wat ik oant no ta dien ha yn myn libben fielt as ien lange lusteleaze snein.

Dan fiel ik wat kâldsens slimerichs yn de nekke. In slak. Hy rûkt nei in kroech op in moarntiid nei in fuotbalwedstryd. Ik jou in gjalp, en rûk oan myn shirt, like lang oant de slak nei ûnderen falt. Op de grûn bliuwt er lizzen. Hy krûmet him yn it sân. Ik moat kokhalzje.

Efter ús stiet de jonge mei syn iiskarre. Hy beart dat er wat rjochtfeardigje moat. Hy seit: 'Jim moatte net tinke dat...' Hy krijt gjin tiid om syn sin ôf te meitsjen. Lisenka is al op him ta rûn. Se jout him in hurde traap yn it krús. 'Sa,' seit se.

It sjocht der idioat út om't sy sa lyts en tin is, en hy sa grut. Hy klapt dûbel fan de pine en sy giet der rêstich njonken sitten. Se kloppet him op it skouder. 'Do bliuwst in lul, hin?'

As ik it besjoch fan in ôfstân, sa't ik niiskrekt nei it doarp ûnder oan de heuvel sjoen ha, dan wit ik net wêr't ik stean of sitte moat. It leafst soe ik fuortsinke yn de grûn, en net mear boppe komme. Lisenka sjocht my oan, op dyselde wize as dat se krekt de jonge oanseach. 'Sa,' seit se noch in kear. De jonge komt dreech oerein. Hy lûkt Lisenka oan de earm omheech. 'Do moatst net tinke dat...' Lisenka wrakselet om los te kommen. Se raast 'God-ver-domme!' en jout in traap tsjin de iiskarre. De karre rattelet, earst sêft, en dan mei in needgong de heuvel ôf. Ik tink: 'Goed makke, dy karre, want hy falt net om.' It bart my net faak, dat myn tinzen as in stim útsprutsen wurde yn de holle. Faaks hie ik de karre tsjinhâlde moatten. De jonge sjocht as sjocht er de wrâld fergean. Yn it doarp klinkt gjin geraas. It liket as is elk te dronken om te sjen dat de karre de barbekju rekket, en de barbekjû omfalt op de auto mei de boksen yn de efterbak. We witte net oft der in steltsje yn de achterbak oan it tútsjen wie, of dat it bern mei de smynkte liuw op syn gesicht faaks yn de auto yn sliep fallen wie, yn stee fan yn it gers. De muzyk hâldt op, en it is stiller as dat it wêze moatte soe. Lisenka draait har om. Se stiet op de heuvel, mei har rêch nei it doarp. Ik hoopje noch hieltyd dat ik ferrane sil mei de ierde. Dat ik weiwurd, dêr't de minsken op traapje en de auto's oerhinne ride. Ik doch de eagen ticht. Ik wol net sjen wat dêr ûnder bart, en ik wol ek neat heare. Ik ha besletten dat it stil is, ûnder. Doe't ik fan 'e moarn yn de spegel seach, seach ik dat ik net lelik bin, en dat de knappe famkes yn it doarp net knap binne. Ik skrok. De jonge sûnder iiskarre lûkt my oan de earm. Hy klinkt panikerich. 'Wat moatte we dwaan?' Hy gûlt hast. 'Wat moatte we dwaan?!' As ik yndie de dyk wie dy't troch it doarp rûn, dan hie ik dy hiele bende dêr ûnder net sjoen. De ûntplofte auto, de minsken mei brânwûnen op harren earms en gesicht, en Jan, dy't laljend en brullend fan de pine ropt dat er de krakers deaslaan sil. Ik hie se allegear mei my meilutsen, de djipte yn. It doarp soe ferdwûn wêze. Faaks hie ik in krater efterlitten, faaks wie ik, de dyk, lûdleas trochrûn as wie der neat bard. Hy is yn panyk, en ik sjoch ta. It fielt hearlik om ta te sjen, en neat te dwaan. Lisenka is noch hieltyd ûnbeweeglik. De jonge sûnder iiskarre sit yn foetushâlding te janken. Beneden sammelje de doarpelingen. Se sykje nei de krakers. Ik bin net lelik, en ik bin dêrom faaks ek net gek. De sinne ferdwynt al efter de beammen. It swit op de hûd is my opdroege. Ik rûk nei sinne, nei fjoer en fleis. De jonge hie ik lyts bern wêze kind. Hy ferskûlet him efter syn hannen. Ik bin der net, want jim sjogge my net, ik *bin* der net, want jim *sjogge* my net... Hy jankt as in famke. Hy hie it bern fan de suster fan Lisenka wêze kind. Gjûn jonkje, gjûn famke, en dêrtroch beide. Ik doch de eagen wer ticht en hoopje sa hurd as ik kin, dat ik de dyk bin. Wat der ûnder yn it doarp bard is, is netien syn skuld. It is mear in ûngeunstige gearrin fan omstannichheden. Ik sjoch it al yn de krante stean. Doarp ferwoastige troch ûngeunstige gearrin fan omstannichheden. Ik rin it lân yn. Ik wol allinnich wêze. Fan alles wat der yn de omjouwing bestiet, sit ik sa fol dat it liket as sil myn búk útinoar knappe.

Deze tekst werd geschreven bij het project 'Djip yn it Oerwâld – Diep in de Jungle' van Sara Bjarland en Alexandra Duvetkot, dat werd gerealiseerd tijdens een residency van 27 augustus t/m 8 oktober 2014 in Kunsthuis SYB, Beetsterzwaag. Deze tekst is gepubliceerd op de website www.kunsthuisyb.nl.

© Christine Bax, 2014. Originele tekst in het Nederlands. Niets uit deze tekst mag worden overgenomen of gepubliceerd zonder schriftelijke toestemming van de auteur. Zie ook www.christinebax.nl.